

### **Krystfeest 1954**

Ein oktober begjinne juf Lieske en juf Janny fan de frijsinnige sneinsskoalle al mei de tariedings foar it krystspul dat op 1e krystdei yn 'e Huzumer doarpstsjerke opfierd wurde sil. Alle 32 bern krije in rol: de jongsten, dy fan skiep of ezel, de âldere bern: hoeder, kening, Joazef of Maria. Ik bin in skiep.

Myn twa jier âldere suske krijt de rol fan in ingel. Op 'e rêch fan har wite jurkje fan gymnastykferiening Quick - it reade Q-logo op it boarst is dúdlik sichtber - wurde wite krêppapieren wjukken fêstspjelde. En myn suske moat ek wat sizze: *'Ik bring u goed nieuws. Er is een KINDEKE geboren!'*

Myn suske oefenet har tekst sá faak, dat ik him ek wol sliepend opsizze kin!

It is safier: it miezelet, mar yn tsjerke stiet in prachtich fersierde mânske krystbeam mei echte kearzen en in libbensgrutte kryststâl mei in krêbe en dêryn in grutte lapkepop dy't de kostersfrou makke hat. Foar de sneinsskoallebern binne liende gymnastykbanken, yn en njonken de kryststâl set. Alden, gruttere bruorren en susters, pakes en beppes, omkes en tantes sitte yn de hearebanken mei kessentsjes, op de gewoane hurdebanken en op stuollen. Der moatte sels klapstuollen byset wurde, de tsjerke sit echt grôtfol.

It is benaud yn tsjerke. De hege ruten binne beslein troch de kearzen, de minsken en de opdrûgjende winterjassen.

Wy, de sneinsskoallebern, wachtsje yn 'e konsistoarje oant wy hân yn hân yn in sjongende rigele deryn meie: *Kind'ren van één vader zijn wij allemaal*. Juf Lieske liedt skiep en ezels, al sjingend, nei it plak foaroan.

It krystspul begjint. Ik bin fol devoasje en sjoch nei wat him yn 'e stâl ôfspilet, ik sit der hielendal yn. Dan moat myn ingelsuske har belangrike boadskip útdrage. Mar... se bliuwt stokstiif sitten en seit neat! Juf Lieske jout har in triuwke. Dan begjint se ynienen alderoatmoedichst te gûlen... Ik skamje my der om. Sy bedjert alles. En wat sille al dy minsken sizze...

Ik bin dan wol in skiep, mar ik ken har tekst ommers út 'e pinne! Dus kom ik oerein yn myn wollen skieppekleedsje en rop: *'Ik bring u goed nieuws. Er is een KINDEKE geboren!'* Hoe't dizze ûnferwachte ynbrek op it offisjele krystbarren fallen is, wit ik net mear. Wol dat ús mem neitiid fertelt, dat se it prachtich fûn en dat myn suster der 65 jier letter gjin ûnthâld fan hat...